

# Mei-inoar foarút

Coalitieakkoord Opsterland 2022-2026

Koälysje-akkoart Opsterlân 2022-2026

OPSTERLANDS BELANG

FNP

PvdA Opsterland

ChristenUnie

# Voorwoord

## Mei-inoar foarút

Samen werken aan een duurzaam en toekomstbestendig Opsterland!

Bossen en weilanden, natuur, water en 16 mooie dorpen, dat is Opsterland op zijn best. Een gemeente waar het prettig wonen, werken en recreëren is. Een gemeente die vooruit wil én vooruit gaat. Als er iets gedaan moet worden, zetten we samen de schouders eronder. Waar het gemeenschapsgevoel groot is en bewoners en bedrijven de ruimte krijgen om initiatieven te ontplooien om samen te bouwen aan deze mooie gemeente. Een gemeente waar het gemeentebestuur initiatieven van harte ondersteunt en daar duidelijke kaders voor aangeeft.

Van Luxwoude tot Siegerswoude, van Frieschepalen tot Nij Beets, Gorredijk, Ureterp, Beetsterzwaag en alle andere dorpen: we zijn samen Opsterland. En dat willen we blijven. Daarom blijft Opsterland een zelfstandige gemeente. We blijven samenwerken met Ooststellingwerf en Weststellingwerf in OWO-verband en kijken waar deze samenwerking efficiënt kan worden versterkt. Ook hier dus samen vooruit. Ook kijken we of en hoe we als gemeentelijke organisatie nog efficiënter kunnen werken om u als inwoners beter van dienst te zijn.

We leven in onzekere tijden, ook financieel. Denk maar aan de hoge energieprijzen, de stikstofperikelen, individualisering, eenzaamheid, de vluchtelingen die door de onrust in de wereld ook naar ons toekomen. Wij zijn ons hiervan bewust en willen eraan werken om, waar mogelijk en nodig, onze inwoners te ondersteunen. Op financieel gebied willen we samen met andere gemeenten de rijksoverheid duidelijk blijven maken dat de “ponge leech” begint te raken en dat de bezuinigingen van de rijksoverheid moeten worden teruggedraaid. We ondersteunen dat er

# Foarwurd

## Mei-inoar foarút

Mei-inoar wurkje oan in duorsum en takomstbestindich Opsterlân!

Bosken en greiden, natuer, wetter en 16 moaie doarpen, dat is Opsterlân op syn bêst. In gemeente dêr 't it noflik wenjen, wurkjen en rekreëarjen is. In gemeente dy 't foarút wol én foarút giet. As der wat dien wurde moat, sette we tegearre de skouders derûnder. Wêr 't it mienskipsgefoel grut is en bewenners en bedriuwen de romte krije om inisjativen te ûntwikkeljen om mei-inoar te bouwen oan dizze moaie gemeente. In gemeente dêr 't it gemeentebestjoer inisjativen fan herte stipet en dêr dúdlike kaders foar oanjout.

Fan Lúkswâld oant Sigerswâld, fan Fryske Peallen oant Nij Beets, De Gerdyk, Oerterp, Beetstersweach en alle oare doarpen: wy binne tegearre Opsterlân. En dat wolle we bliuwe. Dêrom bliuwt Opsterlân in selsstannige gemeente. Wy bliuwe gearwurkjen mei Eaststellingwerf en Weststellingwerf yn OWO-ferbân en sjogge wêr 't dizze gearwurking effisjint fersterke wurde kin. Ek hjir dus mei-inoar foarút. Ek sjogge wy oft en hoe ’t wy as gemeentlike organisaasje noch effisjinter wurkje kinne om jo as ynwenners better betsjinje te kinnen.

Wy libje yn ûnwisse tiden, ek finansjeel. Tink mar oan de hege enerzjyprizen, de stikstofperikels, de yndividualisearring, iensumens, de flechtlingen dy 't troch de ûnrêst yn de wrâld ek nei ús takomme. Wy binne ús dêrfan bewust en wolle der oan wurkje om, wêr mooglik en nedich, ús ynwenners te stypjen. Op finansjeel mêd wolle wy mei oare gemeenten it Ryk dúdlik meitsjen bliuwe dat de “ponge leech” begjint te reitsjen en dat de besunigings fan de ryksoerheid weromdraaid wurde moatte. Wy stypje dat der mear taken fan de lanlike nei lokale oerheden

meer taken van landelijke naar lokale overheden gaan, maar niet zonder extra financiën. We gaan dit geluid samen naar Den Haag brengen.

Boeren zijn de hoeders van het buitengebied en we steunen hen om te komen tot een toekomstbestendige, duurzame landbouw. Duurzaamheid is ook een sleutelwoord voor deze coalitie: het streven blijft om in 2035 energieneutraal  te zijn en fairtradegemeente te blijven.
Het Fries wordt zichtbaarder in Opsterland. Het al vastgestelde taalbeleid is de basis om de zichtbaarheid te vergroten.
Om wonen voor iedereen mogelijk te maken, komt er een “Aksjeplan Wenjen”. We bouwen passend bij de aard en schaal van de dorpen.
We dringen er bij de provincie op aan om alternatieven voor het bestaande plan voor de Lelylijn te onderzoeken.
De stem van de jongeren moet meer doorklinken bij de politiek en er komt een kinderburgemeester.
Het college zal zichtbaarder en toegankelijker zijn voor de inwoners. In de dienstverlening van de gemeente aan inwoners vinden wij adequate communicatie, klantvriendelijkheid en oplossingsgerichtheid belangrijk.

Dit is een coalitieakkoord op hoofdlijnen, waarmee wij richting geven aan waar we met Opsterland naar toe willen. We willen niet alles bij voorbaat dichttimmeren. Er blijft ruimte voor invloed van de andere partijen in de raad en vanuit de gemeenschap.

Samen vooruit: met onze inwoners, ondernemers, verenigingen, instellingen en andere organisaties die actief zijn in Opsterland, met de andere twee OWO-gemeenten, maar ook met gemeenten om ons heen en in P10-verband. MEI-INOAR gaan we FOARÚT op weg naar een toekomstbestendig Opsterland!

Opsterlands Belang, FNP, PvdA en ChristenUnie

geane, mar net sûnder ekstra finânsjes. Wy sille dit lûd mei-inoar nei Den Haach bringe.

Boeren binne de hoeders fan it bûtengebiet en wy stypje harren om te kommen ta in takomstbestindige, duorsume lânbou. Duorsumens is ek in biedwurd foar dizze koälysje: it stribjen bliuwt om yn 2035 enerzjy-neutraal te wêzen en fairtradegemeente te bliuwen.
It Frysk wurdt sichtberder yn Opsterlân. It al fêststelde taalbelied is de basis om de sichtberens te fergrutsjen.
Om wenjen foar elkenien mooglik te meitsjen, komt der in “Aksjeplan Wenjen”. Wy bouwe passend by it aard en de skaal fan de doarpen.
Wy trúnje der by de provinsje op oan om alternativen foar it besteande plan foar de Lelyline te ûndersykjen.
De stim fan de jongerein moat mear trochklinke by de polityk en der komt in berneboargemaster.
It kolleezje sil mear sichtber en tagonkliker wêze foar de ynwenners.
Yn de tsjinstferliening fan de gemeente oan ynwenners fine wy adekwate kommunikaasje, klantfreonlikheid en oplossingsgerichtens wichtich.

Dit is in koälysje-akkoart op haadlinen, wêrmei 't wy rjochting jouwe oan wêr 't wy mei Opsterlân hinne wolle. Wy wolle net alles yn it foar tichttimmerje. Der bliuwt romte foar ynfloed fan de oare partijen yn de ried en út de mienskip wei.

Mei-inoar foarút: mei ús ynwenners, ûndernimmers, ferieningen, ynstellingen en oare organisaasjes dy 't aktyf binne yn Opsterlân, mei de oare twa OWO-gemeenten, mar ek mei gemeenten om ús hinne en yn P10-ferbân. MEI-INOAR geane wy FOARÚT op wei nei in takomstbestindich Opsterlân!

Opsterlands Belang, FNP, PvdA en ChristenUnie

## Inwonerbetrokkenheid

Het vertrouwen in de politiek en het bestuur en de verbondenheid van mensen met hun omgeving wordt in het algemeen minder. Wij willen dit de komende vier jaar samen met inwoners, organisaties en bedrijven verbeteren. Wij zullen meer zichtbaar en benaderbaar zijn en mensen inspireren om meer betrokken te zijn bij hun leefomgeving, met andere woorden de gemeenschapszin stimuleren.

Wij zoeken de verbinding met de dorpen en enthousiasmeren inwoners om meer initiatieven te starten om hun leefomgeving te verbeteren. We handhaven een dorpsbudget voor initiatieven uit de mienskip en we delen goede voorbeelden. Voor de projecten, waarbij de gemeente een prominente rol speelt, stellen we vooraf kaders en maken we duidelijke afspraken over rollen en verantwoordelijkheden. Wij willen inwoners die het meest direct gevolgen ondervinden van een toekomstige ontwikkeling zo goed mogelijk betrekken bij gemeentelijke projecten. Bij initiatieven van derden zijn de initiatiefnemers zelf verantwoordelijk voor het betrekken van bijvoorbeeld omwonenden. We maken een verordening op basis van de participatieladder, waarin de spelregels staan voor de manier waarop inwoners en gemeente kunnen samenwerken.

Het blijft belangrijk dat ieder dorp een ontmoetingsplek heeft voor inwoners, bijvoorbeeld een dorpshuis. Voorzieningen in de dorpen zijn belangrijk. Wij baseren ons bij besluitvorming over nieuwe accommodaties op bestaand beleid.
Een levendig dorp kan niet zonder vrijwilligers. In sommige dorpen is het lastig om voldoende vrijwilligers te vinden voor het bestuur van bijvoorbeeld een sportvereniging of plaatselijk belang. Vrijwilligers kunnen veel van elkaar leren. Wij willen vrijwilligers in de gemeente meer met elkaar in contact brengen om ervaringen te delen en elkaar te inspireren. Als pilot is een medewerker van de gemeente aanwezig in de

## Ynwennerbelutsenens

It fertrouwen yn de polityk en it bestjoer en de ferbûnens fan minsken mei harren omjouwing wurdt yn it algemien minder. Wy wolle dit de kommende fjouwer jier tegearre mei ynwenners, organisaasjes en bedriuwen ferbetterje. Wy sille mear sichtber en benaderber wêze en minsken ynspirearje om mear belutsen te wêzen by harren leefomjouwing, mei oare wurden de mienskipssin stimulearje.

Wy sykje de ferbining mei de doarpen en entûsjasmearje ynwenners om mear inisjativen te begjinnen om harren leefomjouwing te ferbetterjen. Wy hanthavenje it doarpsbudzjet foar inisjativen út de mienskip en wy diele goede foarbylden. Foar de projekten, wêrby 't de gemeente in promininte rol spilet, stelle wy foarôf kaders en meitsje wy dúdlike ôfspraken oer rollen en ferantwurdlikheden. Wy wolle ynwenners dy 't it meast direkt gefolgen ûnderfine fan in takomstige ûntwikkeling sa goed mooglik belûke by gemeentlike projekten. By inisjativen fan tredden binne de inisjatyfnimmers sels ferantwurdlik foar it belûken fan bygelyks omwenners. Wy meitsje in feroardering op grûn fan de partisipaasjeljedder, dêr 't de spulregels yn steane foar hoe ’t ynwenners en gemeente gearwurkje kinne.

It bliuwt wichtich dat elk doarp in moetingsplak hat foar ynwenners, bygelyks in doarpshûs. Foarsjeningen yn de doarpen binne wichtich. Wy basearje ús by beslútfoarming oer nije akkommodaasjes op besteand belied.
In libben doarp kin net sûnder frijwilligers. Yn guon doarpen is it dreech om genôch frijwilligers te finen foar it bestjoer fan bygelyks in sportferiening of pleatslik belang. Frijwilligers kinne in soad faninoar leare. Wy wolle frijwilligers yn de gemeente mear mei-inoar yn kontakt bringe om ûnderfiningen te dielen en elkoar te ynspirearjen. As pilot is in meiwurker fan de gemeente oanwêzich yn de doarpen as skeakel tusken

dorpen als schakel tussen het dorp en de gemeente. Deze pilot met de dorpencoördinator wordt geëvalueerd.

Het college van B&W zal meer aanwezig zijn in de dorpen. Iedere wethouder krijgt een aantal dorpen onder zijn hoede en zal bijvoorbeeld vergaderingen van lokale verenigingen bezoeken. Ook organiseren we periodiek een dorpstafel in de dorpen om met zoveel mogelijk mensen in gesprek te gaan over wat er speelt in het dorp.

## Grote projecten

In Opsterland zijn veel projecten in uitvoering. In deze raadsperiode willen we met voortvarendheid definitieve besluiten nemen over de volgende grote projecten.

*Sportcentrum Kortezwaag*

In Gorredijk wordt gewerkt aan de toekomst van sportcentrum Kortezwaag. Wij streven naar realisatie van het nieuwe sportcentrum zoals door de raad is besloten.

*De Skâns*

Voor de toekomstige huisvesting van De Skâns worden scenariostudies opgesteld. Wij willen deze afwachten en daarna met de raad en betrokkenen keuzes maken en kaders afspreken. Het doel is ook in de toekomst een dorpshuis te hebben met diverse functies, dat past bij de schaal van Gorredijk.

it doarp en de gemeente. Dizze pilot mei de doarpskoördinator wurdt evaluearre.

It kolleezje fan B&W sil mear oanwêzich wêze yn de doarpen. Elke wethâlder krijt in tal doarpen ûnder syn hoede en sil bygelyks gearkomsten fan lokale feriening besykje. Ek wolle wy periodyk in doarpstafel organisearje yn de doarpen om mei safolle mooglik minsken yn petear te gean oer wat der spilet yn it doarp.

## Grutte projekten

Yn Opsterlân binne in soad projekten yn útfiering. Yn dizze riedsperioade wolle wy mei faasje definitive besluten nimme oer de folgjende grutte projekten.

*Sportsintrum Koartsweagen*

Op De Gordyk wurdt wurke oan de takomst fan sportsintrum Koartsweagen. Wy stribje nei realisaasje fan it nije sportsintrum lykas troch de ried besletten is.

*De Skâns*

Foar de takomstige húsfêsting fan De Skâns wurde senariostúdzjes opsteld. Wy wolle dy ôfwachtsje en dêrnei mei de ried en belutsenen in kar meitsje en kaders ôfprate. It doel is ek yn de takomst in doarpshûs te hawwen mei ferskate funksjes, dat past by de skaal fan De Gordyk.

*Burgemeester Harmsmaschool (BHS)*

We willen in overleg met het bestuur van de school komen tot een toekomstbestendig schoolgebouw.

*Boargemaster Harmsmaskoalle (BHS)*

Wy wolle yn oerlis mei it bestjoer fan de skoalle komme ta in takomstbestindich skoalgebou.

# Ruimtelijk domein

## Energietransitie

Wij streven ernaar dat onze gemeente uiterlijk in 2035 energieneutraal is. Fossiele energie wordt duurder en de kans op energiearmoede wordt groter. Energiebesparing wordt urgenter en investeringen in opwekking van duurzame energie worden eerder haalbaar en wenselijk. Wij willen de energie die we verbruiken, op een duurzame manier in onze gemeente opwekken of duurzaam inkopen.

*Energiebesparing*

Isolatie en andere vormen van energiebesparing zijn de eerste en meest effectieve manieren om onze ambitie om energieneutraal te worden te realiseren. Hoe meer energie we besparen, hoe minder we hoeven op te wekken en op te slaan. In enkele dorpen in onze gemeente, bijvoorbeeld Wijnjewoude en Nij Beets, wordt hier al ervaring mee opgedaan.

Wij verwachten dat het Rijk de subsidieregelingen voor energiebesparing in woningen zal uitbreiden. Als dat zover is, zorgen wij dat wij een plan klaar hebben om ervoor te zorgen dat zoveel mogelijk inwoners gebruikmaken van de subsidies. Voor dit plan gebruiken we onder andere ervaringen uit onze gemeente.

Ondertussen gaan wij door met de inzet van energiecoaches om de bewustwording te vergroten. We zetten daarbij vooral in op woningen met een laag energielabel, omdat daar de meeste winst te behalen is. De energiecoach zet zich ook in voor minima, omdat inwoners met een laag inkomen het grootste risico lopen op energiearmoede en nog weinig gebruikmaken van de energiecoach. We willen hiervoor samenwerken met bijvoorbeeld woningbouwcorporaties. Met de woningbouw-corporaties willen we daarnaast afspreken, dat zij geen woningen verkopen met een energielabel dat lager is dan C. Ook willen we met hen afspreken dat particuliere eigenaren van voormalige sociale

# Romtlik domein

## Enerzjytransysje

Wy stribje dernei dat ús gemeente op syn lêst yn 2035 enerzjyneutraal is. Fossile enerzjy wurdt djoerder en de kâns op enerzjyearmoede wurdt grutter. Enerzjybesparring wurdt urginter en ynvestearrings yn opwekking fan duorsume enerzjy wurde earder helber en winsklik. Wy wolle de enerzjy dy 't wy ferbrûke, op in duorsume wize yn ús gemeente opwekke of duorsum ynkeapje.

*Enerzjybesparring*

Isolaasje en oare foarmen fan enerzjybesparring binne de earste en meast effektive wizen om ús ambysje om enerzjyneutraal te wurden te realisearjen. Hoe mear enerzjy wy besparje, hoe minder wy hoege op te wekken en op te slaan. Yn guon doarpen yn ús gemeente, bygelyks Wynjewâld en Nij Beets, wurdt hjir al ûnderfining mei opdien.

Wy ferwachtsje dat it Ryk de subsydzjeregelingen foar enerzjybesparring yn wenten útwreidzje sil. As dat safier is, soargje wy dat wy in plan klear hawwe om derfoar te soargjen dat safolle mooglik ynwenners gebrûk meitsje fan de subsydzjes. Foar dit plan brûke wy ûnder oare ûnderfiningen út ús gemeente.

Underwilens geane wy troch mei de ynset fan enerzjycoaches om de bewustwurding te fergrutsjen. Wy sette dêrby benammen yn op wenningen mei in leech enerzjylabel, om 't dêr de measte winst te heljen is. De enerzjycoach set him ek yn foar minima, omdat ynwenners mei in leech ynkommen it grutste risiko rinne op enerzjyearmoede en noch net folle gebrûk meitsje fan de enerzjycoach. Wy wolle hjirfoar gearwurkje mei bygelyks wenningboukorporaasjes. Mei de wenningboukorporaasjes wolle wy dêrneist ôfprate, dat sy gjin wenten ferkeapje mei in enerzjylabel dat leger is as C. Ek wolle wy mei harren ôfprate dat partikuliere eigeners

huurwoningen de kans krijgen om mee te doen met verduurzamingsprojecten van woningbouwcorporaties.

*Opwekking van duurzame energie*

Voor de opwekking van duurzame energie kijken wij naar een goede balans tussen zonnepanelen, (kleine) windmolens en groen gas. Met alleen zonnepanelen op daken wekken we onvoldoende energie op. De ontwikkeling van meer zonnevelden blijft daarom nodig. Wij zijn daarnaast voorstander van windenergie, maar alleen als de windmolens goed in het landschap passen. Wij vinden dat boeren een kleine windmolen bij hun boerderij moeten kunnen plaatsen voor eigen gebruik of voor een lokale energiecoöperatie. Ook bij de bedrijvenparken A7 en Overtoom is dat wat ons betreft mogelijk. Provinciale regelgeving belemmert dit nu nog. Op basis van nieuwe (provinciale) ontwikkelingen stellen wij onze ambitie zo mogelijk bij. Wij zijn ook voorstander van groen gas, mits dit wordt geproduceerd via monomestvergisting.

Voor de opwekking van duurzame energie zijn we afhankelijk van de beschikbare ruimte op het elektriciteitsnet. Wij dringen er bij de netbeheerder en andere betrokken organisaties op aan om die ruimte zo snel mogelijk te vergroten. Ondertussen onderzoeken wij hoe we op een andere manier met het elektriciteitsnetwerk om kunnen gaan, bijvoorbeeld met de opslag van energie en een gemeentelijk energiebedrijf, waarvan de baten de duurzaamheidsopgave kunnen versnellen. Wij onderzoeken of deelname aan projecten voor energieopwekking en opslag buiten de gemeentegrenzen aantrekkelijk is.

*Met inwoners, bedrijven en organisaties*

De gemeente kan de energietransitie niet alleen realiseren. Samen met inwoners, organisaties en bedrijven willen wij werken aan energiebesparing en opwekking van duurzame energie. Wij betrekken inwoners zoveel mogelijk, bijvoorbeeld door energietafels te organiseren.

Bij externe initiatieven voor energieopwekking vinden wij de lokale betrokkenheid erg belangrijk. Dat betekent dat inwoners, bijvoorbeeld via

fan eardere sosjale hierwenningen de kâns krije om mei te dwaan mei ferduorsuminingsprojekten fan wenningboukorpo-raasjes.

*Opwekken fan duorsume enerzjy*

Foar de opwekking fan duorsume enerzjy sjogge wy nei in goede balâns tusken sinnepanielen, (lytse) wynmûnen en grien gas. Mei allinnich sinnepanielen op dakken wekke wy net genôch enerzjy op. De ûntwikkeling fan mear sinnefjilden bliuwt dêrom nedich. Wy binne dêrneist foarstanner fan wynenerzjy, mar allinnich as de wynmûnen goed yn it lânskip passe. Wy fine dat boeren in lytse wynmûne by de pleats pleatse kinne moatte foar eigen gebrûk of foar in lokale enerzjykoöperaasje. Ek by de bedriuweparken A7 en Overtoom is dat wat ús oanbelanget mooglik. Provinsjale regeljouwing behinderet dit no noch. Op grûn fan nije (provinsjale) ûntwikkelings stelle wy ús ambysje sa mooglik by. Wy binne ek foarstanner fan grien gas, mits dat produsearre wurdt fia monodongfergisting.

Foar it opwekken fan duorsume enerzjy binne wy ôfhinklik fan de beskikbere romte op it elektrisiteitsnet. Wy trúnje der by de netbehearder en oare belutsen organisaasjes op oan om dy romte sa gau mooglik te fergrutsjen.

Underwilens ûndersykje wy hoe ’t wy op in oare wize mei it elektrisiteitsnetwurk omgean kinne, bygelyks mei de opslach fan enerzjy en in gemeentlik enerzjybedriuw, dêr ’t de baten de duorsumensopjefte fan fersnelle kinne. Wy ûndersykje of dielname oan projekten foar enerzjyopwekking en opslach bûten de gemeentegrinzen oantreklik is.

*Mei ynwenners, organisaasjes en bedriuwen*

De gemeente kin de enerzjytransysje net allinnich realisearje. Yn `e mande mei ynwenners, organisaasjes en bedriuwen wolle wy wurkje oan enerzjybesparring en opwekking fan duorsume enerzjy. Wy belûke ynwenners safolle mooglik, bygelyks troch enerzjytafels te organisearjen.

By eksterne inisjativen foar enerzjyopwekking fine wy de lokale belutsenens tige wichtich. Dat betsjut dat ynwenners, bygelyks fia in lokale

een lokale energiecoöperatie, voor 50% eigenaar kunnen worden en de opbrengsten gedeeltelijk aan duurzaamheidsmaatregelen worden besteed.

## Wonen

Wij willen een woningvoorraad die zowel kwalitatief als kwantitatief voldoet aan de behoefte van de huidige en toekomstige inwoners. Hierover maken we onder andere afspraken met de provincie en de woningbouwcorporaties. We gaan een meer actief grondbeleid voeren, zodat de gemeente meer invloed heeft op waar gebouw wordt en welk type woningen er komt. Op die manier hebben we niet alleen meer mogelijkheden om te kiezen voor sociale huur, mantelzorgwoningen of andere woonvormen, maar ook om de doorstroming te bevorderen. Deze ambities worden opgenomen in de nieuwe woonvisie. Op basis van de nieuwe woonvisie willen wij met de raad een actieplan maken om de woningmarkt gezonder te maken. Wij willen hier in ieder geval het maken van een huisvestingsverordening in opnemen. Daarnaast gaan wij, zolang de krapte aanhoudt, onderzoeken of het mogelijk is om voorrang te geven aan mensen met een economische of sociale binding met een dorp of de gemeente om de mienskip en het perspectief in stand te houden.

## Lelylijn/Deltaplan Noordelijk Nederland

Met de Lelylijn en het Deltaplan voor het Noorden willen het Rijk, de vier noordelijke provincies en enkele grote gemeenten de bereikbaarheid en het wonen en werken in Noord-Nederland verbeteren.
Wij zijn het eens met het streven naar een toekomstbestendig Fryslân en het consolideren en verbeteren van de bereikbaarheid van onze provincie. Grootschalige verstedelijking van onze gemeente zou bij het verbeteren van bereikbaarheid echter niet het doel moeten zijn. Bij de provincie en het rijk zullen we erop aandringen om, naast het bestaande onderzoek, op zoek te gaan naar alternatieven, die wellicht beter aansluiten bij de

enerzjykoöperaasje, foar 50% eigener wurde kinne en de opbringsten foar in part oan duorsumensmaatregels bestege wurde.

## Wenjen

Wy wolle in wenningfoarried dy 't sawol kwalitatyf as kwantitatyf foldocht oan it ferlet fan de hjoeddeistige en takomstige ynwenners. Hjiroer meitsje wy ûnder oare ôfspraken mei de provinsje en de wenningbou-korporaasjes. Wy geane in mear aktyf grûnbelied fiere, sadat de gemeente mear ynfloed hat op wêr boud wurdt en hokker type wenten der komt. Sadwaande hawwe wy net allinnich mear mooglikheden om te kiezen foar sosjale hier, mantelsoarchwenten of oare wenfoarmen, mar ek om de trochstreaming te befoarderjen. Dizze ambysjes wurde opnommen yn de nije wenfyzje. Op basis fan de nije wenfyzje wolle wy dêrnei mei de ried in aksjeplan meitsje om de wenningmerk sûner te meitsjen. Wy wolle hjir yn alle gefallen it meitsjen fan in húsfestingsferoardering yn opnimme. Dêrneist geane wy, salang 't de krapte oanhâldt, ûndersykje oft it mooglik is om foarrang te jaan oan minsken mei in ekonomyske of sosjale bining mei in doarp of de gemeente om de mienskip en it perspektyf yn stân te hâlden.

## Lelyline/Deltaplan foar it Noarden

Mei de Lelyline en it Deltaplan foar it Noarden wolle it Ryk, de fjouwer noardlike provinsjes en inkelde grutte gemeenten de berikberens en it wenjen en wurkjen yn Noard-Nederlân ferbetterje.
Wy binne it iens mei it stribjen nei in takomstbestindich Fryslân en it konsolidearjen en ferbetterjen fan de berikberens fan ús provinsje. Grutskalige ferstedsking fan ús gemeente soe by it ferbetterjen fan berikberens lykwols net it doel wêze moatte.
By de provinsje en it ryk sille wy derop oantrúnje om, neist it besteande ûndersyk, op syk te gean nei alternativen, dy 't faaks better oanslute by de

wensen van inwoners en bedrijven. Zij zijn tot nu toe in onze ogen onvoldoende betrokken bij en gehoord over de plannen. Wij gaan daarom in gesprek met de provincie en het Rijk om hen te vragen de communicatie met inwoners en bedrijven te verbeteren. Hierbij zoeken we samenwerking zoeken met Heerenveen, Smallingerland, Weststellingwerf en Ooststellingwerf.

## Economie

Ondernemers zijn belangrijk voor onze gemeente. We willen een integrale loketfunctie voor ondernemers en het accountmanagement intensiveren. Daarnaast gaan we samen met ondernemers per dorp een korte detailhandelsvisie maken. Hierbij maken we gebruik van de gegevens die uit de dorpsspiegelonderzoeken komen en de gesprekken uit de dorpstafel (zie ook Inwonerbetrokkenheid).
De bedrijventerreinen in onze gemeente blijven zich ontwikkelen. Wij monitoren dit goed en gaan onze visie op bedrijventerreinen actualiseren. Op die manier kunnen we goede besluiten nemen over toekomstige ontwikkelingen. Onze focus hierbij ligt op het Bedrijvenpark A7 en de bedrijventerreinen in Gorredijk.

## Verkeer en vervoer

De 16 dorpen in onze gemeente moeten goed toegankelijk zijn en openbaar vervoer moet voor alle inwoners beschikbaar zijn. Onze wegen horen veilig te zijn. We combineren onderhoud van wegen vaker met het nemen van maatregelen voor de verkeersveiligheid. We onderzoeken of hier subsidiemogelijkheden voor zijn. Wij gaan nog meer samenwerking en afstemming zoeken met andere gemeenten, zodat onze gemeente zo weinig mogelijk last heeft van verkeersmaatregelen in een andere gemeente en vice versa.

winsken fan ynwenners en bedriuwen. Hja binne oant no ta yn ús eagen net genôch belutsen by en heard oer de plannen. Wy sille dêrom yn petear mei de provinsje en it Ryk om harren te freegjen de kommunikaasje mei ynwenners en bedriuwen te ferbetterjen. Hjirby sykje wy de gearwurking mei Hearrenfean, Smellingerlân, Weststellingwerf en Eaststellingwerf.

## Ekonomy

Undernimmers binne wichtich foar ús gemeente. Wy wolle in yntegrale loketfunksje foar ûndernimmers en it akkountmanagement yntinsivearje. Dêrneist geane wy yn 'e mande mei ûndernimmers foar elk doarp in koarte detailhannelfyzje meitsje. Dêrby meitsje wy gebrûk fan de gegevens dy 't út de doarpsspegelûndersiken komme en de petearen út de doarpstafel (sjoch ek Ynwennerbelutsenens).
De bedriuweterreinen yn ús gemeente ûntwikkelje harren. Wy folchje dat goed en geane ús fyzje op bedriuweterreinen aktualisearje. Op dy wize kinne wy goede besluten nimme oer takomstige ûntwikkelings. Us fokus hjirby leit op it Bedriuwepark A7 en de bedriuweterreinen op De Gordyk.

## Ferkear en ferfier

De 16 doarpen yn ús gemeente moatte goed tagonklik wêze en iepenbier ferfier moat foar alle ynwenners beskikber wêze. Us wegen hearre feilich te wêzen. Wy kombinearje ûnderhâld fan diken faker mei it nimmen fan maatregels foar de ferkearsfeiligens. Wy ûndersykje oft dêr subsydzjemooglikheden foar binne. Wy sille noch mear gearwurking en ôfstimming sykje mei oare gemeenten, sadat ús gemeente sa min mooglik lêst hat fan ferkearsmaatregels yn in oare gemeente en vice versa.

In onze gemeente rijden veel verschillende aanbieders van speciaal vervoer, zoals Wmo- en leerlingenvervoer. We gaan bekijken of we deze verschillende vormen van vervoer kunnen samenvoegen.
Kapotgereden bermen langs de 60 km-wegen in het buitengebied zorgen voor veel onderhoudswerk door de gemeente. Wij gaan daarom onderzoeken hoe we de bermen beter kunnen beschermen dan op de huidige wijze.

## Landbouw

De landbouw is een belangrijke sector voor de Opsterlandse economie, identiteit en landschap. De boeren zijn belangrijke hoeders van het buitengebied. Wij willen zichtbaarder zijn en gaan in gesprek met boeren. We bekijken samen hoe een duurzame, toekomstbestendige en grondgebonden landbouwsector in Opsterland eruit kan zien. We willen bijvoorbeeld ruimte geven aan uitbreiding van activiteiten bij boerderijen en in gesprek gaan over de stikstofproblematiek. Wij willen dat de gemeente een belangrijke rol speelt in dit dossier, bijvoorbeeld via de gebiedsgerichte aanpak en het Nationaal Programma Landelijk Gebied. De gemeente komt hierbij niet slechts op voor het belang van één van de partijen, maar doet dit vanuit het belang van alle inwoners. Samen met andere gemeenten en de werkgroep landbouw van de P10 spelen we een rol in de lobby richting provincie en Rijk.

## Natuur

Ons buitengebied bestaat naast boerenbedrijven uit prachtige natuur. Wij gaan onderzoeken hoe we het beeldbepalende landschap van Opsterland kunnen behouden en versterken, bijvoorbeeld door er een beschermde status aan te geven. Hiervoor gaan we in gesprek met eigenaren van natuur in ons buitengebied. Wij vinden biodiversiteit belangrijk en gaan hiervoor de bestaande aanpak van de gemeente voortzetten.

Yn ús gemeente ride in soad ferskate oanbieders fan spesjaal ferfier, lykas Wmo- en learlingeferfier. Wy sille besjen oft we dizze ferskillende foarmen fan ferfier gearfoegje kinne. Kapotriden berms by de 60 km-diken del yn it bûtengebiet soargje foar in soad ûnderhâldswurk troch de gemeente. Wy sille dêrom ûndersykje hoe 't wy de bermen better beskermje kinne as mei de hjoeddeiske wizen.

## Lânbou

De lânbou is in wichtige sektor foar de Opsterlânske ekonomy, identiteit en lânskip. De boeren binne wichtige hoeders fan it bûtengebiet. Wy wolle mear sichtber wêze en gean yn petear mei boeren. Wy besjogge mei-inoar hoe 't in duorsume, takomstbestindige en grûnbûne lânbousektor yn Opsterlân derút sjen kin. We wolle bygelyks romte jaan oan útwreiding fan aktiviteiten by buorkerijen en yn petear gean oer de stikstofproblematyk. Wy wolle dat de gemeente in wichtige rol spilet yn dit dossier, bygelyks fia de gebietsrjochte oanpak en it Nasjonaal Programma Lanlik Gebiet. De gemeente komt hjirby net allinnich op foar it belang fan ien fan de partijen, mar docht dat fanút it belang fan alle ynwenners. Mei oare gemeenten en de wurkgroep lânbou fan de P10 spylje wy in rol yn de lobby rjochting provinsje en Ryk.

## Natuer

Us bûtengebiet bestiet neist boerebedriuwen út prachtige natuer. Wy geane ûndersykje hoe 't wy it byldbepalende lânskip fan Opsterlân behâlde en fersterkje kinne, bygelyks troch der in beskerme status oan te jaan. Dêrfoar geane wy yn petear mei eigeners fan natuer yn ús bûtengebiet. Wy fine bioferskaat wichtich en sette dêr de besteande oanpak fan de gemeente foar fierder.

## Recreatie & toerisme

Wij willen recreatie & toerisme in Opsterland verder aanmoedigen. Dat doen wij bijvoorbeeld door de toeristenbelasting in te zetten voor de ontwikkeling van voorzieningen voor de toerist en de recreant, zoals fiets- en wandelpaden. Wij intensiveren de promotie van de Turfroute en het Polderhoofdkanaal. Verder willen we meer promotie voor de fiets- en wandelroutes in onze gemeente. Dit doen we in samenwerking met de horeca en andere ondernemers. Wij gaan de mogelijkheden onderzoeken om een Opsterlân-pas in te voeren om recreatie en toerisme te stimuleren. Hiermee krijgen toeristen en recreanten korting op onder andere toeristische attracties.




## Rekreaasje & toerisme

Wy wolle rekreaasje & toerisme yn Opsterlân fierder oanmoedigje. Dat dogge wy bygelyks troch de toeristebelesting yn te setten foar de ûntwikkeling fan foarsjennings foar de toerist en de rekreant, lykas fyts- en kuierpaden. Wy yntinsivearje de promoasje fan de Turfrûte en it Polderhaadkanaal. Fierder wolle we mear promoasje foar de fyts- en kuierrûtes yn ús gemeente. Dit dogge wy yn gearwurking mei de hoareka en oare ûndernimmers. Wy sille de mooglikheden ûndersykje om in Opsterlân-pas yn te fieren om rekreaasje en toerisme te stimulearjen. Hjirmei krije toeristen en rekreanten koarting op ûnder oare toeristyske attraksjes.



## Sociaal domein

Wij streven naar een samenleving waar iedereen meedoet. De verzorgingsstaat transformeert naar een participatiesamenleving, waarbij zelfredzaamheid voorop staat. Het is aan de inwoner om de regie over zijn leven te houden en aan de professional - van de gemeente en de ketenpartners - om de inwoner daarin zo nodig te faciliteren, te onder-steunen of te stimuleren. Hierbij staat de vraag van de inwoner en de sociale omgeving centraal. Hiermee sluiten we aan bij de "Koers Sociaal Domein", waarin de focus op preventie ligt. We richten ons met preventie op het voorkomen en beperken van problemen van inwoners. Dit doen we samen met de mienskip. Hierbij willen we het geluid van jongeren beter laten doorklinken, bijvoorbeeld door elk jaar een kinderburgemeester te benoemen en goede manieren te vinden om de politiek meer bij jongeren te betrekken.

We onderzoeken hoe we kunnen samenwerken met ondernemers om meer mogelijkheden te vinden om mensen aan het werk te krijgen. Wij willen voorkomen dat mensen in de schulden komen. Dat is nu extra belangrijk, omdat steeds meer mensen de gevolgen van inflatie ondervinden, onder andere door hoge energiekosten. Wij gaan daarom meer inzetten op het vinden van inwoners die onder de armoedegrens leven en die we nu niet in beeld hebben. Dit doen we samen met organisaties als woningbouwcorporaties, de Bewonersraad en energie-maatschappijen.

De betaalbaarheid van de taken in het sociaal domein staat nog steeds onder druk. Samen met andere gemeenten blijven we lobbyen voor meer middelen van het Rijk. We besteden niet meer middelen dan de gemeente krijgt van het Rijk.

## Sosjaal domein

Wy stribje nei in mienskip dêr 't elkenien meidocht. De fersoargingssteat transformearret nei in partisipaasjemaatskippij, dêr 't selsredsumens by foarop stiet. It is oan de ynwenner om de rezjy oer syn libben te hâlden en oan de professional - fan de gemeente en de ketenpartners - om de ynwenner dêryn sa nedich te fasilitearjen, te stypjen of te stimulearjen. Hjirby stiet de fraach fan de ynwenner en de sosjale omjouwing sintraal. Hjirmei slute we oan by de "Koers sosjaal domein", wêryn 't de fokus op previnsje leit. We rjochtsje ús mei previnsje op it foarkommen en beheinen fan problemen fan ynwenners. Dit dogge wy tegearre mei de mienskip. Dêrby wolle wy it lûd fan jongerein better trochklinke litte, bygelyks troch alle jierren in berneboargemaster te beneamen en goede wizen te finen om de polityk mear by jongerein te belûken.

Wy ûndersykje hoe 't wy gearwurkje kinne mei ûndernimmers om mear mooglikheden te finen om minsken oan it wurk te krijen. Wy wolle foarkomme dat minsken yn de skulden komme. Dat is no ekstra wichtich, omdat hieltyd mear minsken de gefolgen fan ynflaasje ûnderfine, ûnder oare troch hege enerzjykosten. Wy sille dêrom mear ynsette op it finen fan ynwenners dy 't ûnder de earmoedegrins libje en dy 't wy no net yn byld hawwe. Dit dogge wy yn `e mande mei organisaasjes as wenningbou-korporaasjes, de Bewennersried en enerzjymaatskippijen.

De betelberens fan de taken yn it sosjaal domein stiet noch hieltyd ûnder druk. Mei oare gemeenten bliuwe wy lobbyen foar mear middels fan it Ryk. Wy besteegje net mear middels as de gemeente krijt fan it Ryk.

## Onderwijs

Wij zetten, samen met het onderwijs, in op de ontwikkeling van talent en het bieden van gelijke kansen. Dit doen we bijvoorbeeld door cultuureducatie aan te blijven bieden. We willen laaggeletterdheid voorkomen en taalvaardigheid verbeteren. Dit pakken we aan met de basisscholen en organisaties als de bibliotheek.

## Cultuur

Kunst, cultuur en creativiteit verrijken het leven en de samenleving, of het nu een muziekfestival of een tentoonstelling is. In de gemeenschap ontstaan de mooiste ideeën voor culturele activiteiten. De gemeente speel een faciliterende rol, bijvoorbeeld door een subsidie of hulp bij de aanvraag van een vergunning voor een evenement. Wij hebben oog voor ons culturele erfgoed, zoals onder andere in onze musea te bewonderen is. Wij promoten lokale cultuur, bijvoorbeeld met een gemeentedichter.

## Friese taal

We voeren het Fries taalbeleid met voortvarendheid uit. Wij vinden dat de gemeente voorop moet lopen en het Fries meer moet gebruiken, ook digitaal. Zo ontstaat er een betere balans tussen het gebruik van het Nederlands en het Fries. Nieuwe projecten geven we een Friese naam. Bij vervanging van plaatsnaamborden wordt voortaan de Friese naam boven de Nederlandse naam geplaatst. We vragen aan organisaties die we subsidiëren wat zij doen om het Fries zichtbaar te maken en te gebruiken.




## Underwiis

Wy sette, tegearre mei it ûnderwiis, yn op de ûntwikkeling fan talint en it bieden fan gelikense kânsen. Dat dogge wy bygelyks troch kultueredukaasje oanbiede te bliuwen. Wy wolle letterswakkens foarkomme en taalfeardigens ferbetterje. Dit pakke wy oan mei de basisskoallen en organisaasjes as de biblioteek.

## Kultuer

Keunst, kultuer en kreativiteit ferrykje it libben en de mienskip, oft it no in muzykfestival of in tentoanstelling is. Yn de mienskip ûntsteane de moaiste ideeën foar kulturele aktiviteiten. De gemeente spilet in fasilitearjende rol, bygelyks troch in subsydzje of help by de oanfraach fan in fergunning foar in evenemint. Wy hawwe each foar ús kulturele erfgoed, lykas ûnder oare yn ús musea te bewûnderjen is. Wy promoatsje lokale kultuer, bygelyks mei in gemeentedichter.

## Fryske taal

Wy fiere it Frysk taalbelied mei faasje út. Wy fine dat de gemeente foarop rinne moat en it Frysk mear brûke moat, ek digitaal.
Sa ûntstiet der in bettere balâns tusken it brûken fan it Nederlânsk en it Frysk. Nije projekten jouwe wy in Fryske namme. By ferfanging fan plaknammebuorden wurdt tenei de Fryske namme boppe de Nederlânske namme pleatst. Wy freegje oan organisaasjes dy ’t wy subsidiearje wat hja dogge om it Frysk sichtber te meitsjen en te brûken.



# Andere onderwerpen

## Veiligheid

De politie richt zich steeds meer op haar kerntaken: het handhaven van de openbare orde en veiligheid. Een gevolg is dat de zichtbaarheid in de dorpen vermindert en leefbaarheidstaken, zoals assistentie bij ongevallen, niet veel of geen aandacht meer krijgen van de politie. We willen meer gemeentelijke capaciteit (BOA's) inzetten op leefbaarheid, verkeers-veiligheid, natuur, openbare ruimte en groen.
Ondermijning, de beweging waarbij criminele activiteiten steeds meer verweven raken met onze maatschappij, vraagt nadrukkelijk aandacht van onze organisatie en het bestuur. Er zal geïnvesteerd moeten worden in bewustwording, een scherpe blik bij vergunningverlening (BIBOB-toets) en toezicht en handhaving, om zowel in capaciteit als in kwaliteit toegerust te zijn voor deze ontwikkelingen.

## Dienstverlening

In de dienstverlening van de gemeente aan inwoners vinden wij adequate communicatie, klantvriendelijkheid en oplossingsgerichtheid belangrijk. Wij bekijken hoe we dit kunnen verbeteren. Daarnaast vinden wij dat er altijd ruimte moet blijven om naar het gemeentehuis te komen voor dienstverlening aan de balie, ook zonder afspraak. In de coronatijd konden inwoners via videobellen afspreken met de gemeente. Wij willen dat dit mogelijk blijft. Voor een goede en veilige dienstverlening is goede ict belangrijk. Wij werken samen in OWO-verband om de ict op peil te brengen en te houden.

# Oare ûnderwerpen

## Feiligens

De plysje rjochtet har hieltyd mear op har kearntaken: it hanthavenjen fan de iepenbiere oarder en feiligens.In gefolch is dat de sichtberens yn de doarpen ferminderet en leefberenstaken, lykas assistinsje by ûngefallen, net folle of gjin oandacht mear krije fan de plysje. Wy wolle mear gemeentlike kapasiteit (BOA's) ynsette op leefberens, ferkears-feiligens, natuer, iepenbiere romte en grien.
Undermyning, de beweging dêr 't kriminele aktiviteiten hieltyd mear ferweve reitsje mei ús maatskippij, freget mei klam omtinken fan ús organisaasje en it bestjoer. Der sil ynvestearre wurde moatte yn bewustwurding, in skerp each by fergunningferliening (BIBOB-toets) en tafersjoch en hanthavening, om sawol yn kapasiteit as yn kwaliteit tarist te wêzen foar dizze ûntwikkelingen.

## Tsjinstferliening

Yn de tsjinstferliening fan de gemeente oan boargers fine wy adekwate kommunikaasje, klantfreonlikheid en oplossingsgerjochtens wichtich. Wy besjogge hoe 't wy dit ferbetterje kinne. Dêrneist fine wy dat der altyd romte bliuwe moat om nei it gemeentehûs te kommen foar tsjinstferliening oan de baly, ek sûnder ôfspraak. Yn de coronatiid koene boargers fia fideobeljen ôfprate mei de gemeente. Wy wolle dat dit mooglik bliuwt. Foar in goede en feilige tsjinstferliening is goede ict wichtich. Wy wurkje gear yn OWO-ferbân om de ict op peil te bringen en te hâlden.

## Europa & Internationaal

Via de VNG zijn wij betrokken bij UN Habitat en bij de beleidsmatige lobby namens gemeenten bij de EU via het Comité van de Regio's. Naast voortzetting hiervan zal voor projecten meer moeten worden ingezet op subsidies uit Brussel, waarbij wij de Europese Verbindingsalliantie (EVA) benutten voor informatie en ondersteuning bij aanvragen.

## Organisatie

We willen een stabiele, slagvaardige en efficiënte organisatie, die op haar taken is berekend. Het college van B&W, de raad en de organisatie zorgen samen voor een goed bestuurlijk-ambtelijk samenspel. De ingezette organisatieontwikkeling draagt hieraan bij. Hierin zijn de kernpunten integraal werken, rolduidelijkheid, eigenaarschap nemen en feedback geven en ontvangen. Wij stimuleren een andere manier van werken in de netwerksamenleving en willen dat de gemeente een aantrekkelijke werkgever is, waar mensen graag voor werken.

## OWO

Opsterland is een zelfstandige gemeente en wil die zelfstandigheid behouden. We zetten de OWO-samenwerking met Ooststellingwerf en Weststellingwerf voort. Naast samenwerking in de drie OWO-afdelingen, werken we ook samen bij de implementatie van de Omgevingswet. De colleges van B&W moeten goed in positie zijn in het bestuur van de OWO-samenwerking. We verkennen de kansen om intensiever samen te werken in OWO-verband. Hiermee kunnen we de samenwerking robuuster maken en efficiënter werken.

## Europa & Ynternasjonaal

Fia de VNG binne wy belutsen by UN Habitat en by de beliedsmjittige lobby út namme fan gemeenten by de EU fia it Komitee fan de Regio's. Neist fuortsetting dêrfan sil foar projekten mear ynset wurde moatte op subsydzjes út Brussel, wêrby 't wy de Europeeske Ferbiningsalliânsje (EVA) benutte foar ynformaasje en stipe by oanfragen.

## Organisaasje

Wy wolle in stabile, slachfeardige en effisjinte organisaasje, dy 't op har taken berekkene is. It kolleezje fan B&W, de ried en de organisaasje soargje mei-inoar foar in goed bestjoerlik-amtlik gearspul. De ynsette organisaasjeûntwikkeling draacht dêr oan by. Hjiryn binne de kearnpunten yntegraal wurkje, roldúdlikheid, eigenerskip nimme en feedback jaan en ûntfange. Wy stimulearje in oare wize fan wurkjen yn de netwurkmaatskippij en wolle dat de gemeente in oantreklike wurkjouwer is, dêr 't minsken graach foar wurkje.

## OWO

Opsterlân is in selsstannige gemeente en wol dy selsstannichheid behâlde. Wy gean troch mei de OWO-gearwurking mei Eaststellingwerf en Weststellingwerf. Neist gearwurking yn de trije OWO-ôfdielingen, wurkje wy ek gear by de ymplemintaasje fan de Omjouwingswet. De kolleezjes fan B&W moatte goed yn posysje wêze yn it bestjoer fan de OWO-gearwurking. We ferkenne de kânsen om yntinsiver gear te wurkjen yn OWO-ferbân. Dêrmei kinne wy de gearwurking robúster meitsje en effisjinter wurkje.

## Financiën

De toekomstige financiële situatie van de gemeente blijft voor een deel onzeker door onder andere de herijking van het Gemeentefonds, de ontwikkeling van het accres en de taken die het Rijk mogelijk aan gemeenten wil overdragen. Wij zetten daarom het behoudende financieel beleid voort. Tegelijkertijd lobbyen wij in Den Haag om de middelen te krijgen die noodzakelijk zijn om voorzieningen in stand te houden en aan onze verplichtingen te kunnen voldoen.
Wat de lokale lasten betreft houden we vast aan de kostendekkendheid van de afvalstoffen- en rioolheffing. De onroerendezaakbelasting (ozb) wordt jaarlijks met maximaal de CPI (nationale consumentenprijsindex) geïndexeerd.
Tegenvallers in de begroting vangen we op met bezuinigingen op gemeentelijke taken en efficiëntiemaatregelen. Pas als deze maatregelen onvoldoende blijken, kijken we naar een verhoging van de lokale lasten.

17 PARTNERSCHAP OM DOELSTELLINGEN TE BEREIKEN
16 VREDE, JUSTITIE EN STERKE PUBLIEKE DIENSTEN

## Finânsjes

De takomstige finansjele situaasje fan de gemeente bliuwt foar in part ûnwis troch ûnder oare de werijking fan it Gemeentefûns, de ûntwikkeling fan it akkres en de taken dy 't it Ryk mooglik oan gemeenten oerdrage wol. Wy sette dêrom it behâldende finansjeel belied troch. Tagelyk lobbye wy yn Den Haach om de middels te krijen dy 't needsaaklik binne om foarsjenningen yn stân te hâlden en oan ús ferplichtingen foldwaan te kinnen.
Wat de lokale lêsten oangiet hâlde wy fêst oan de kostedekkendheid fan de ôffalstoffe- en rioelheffing. De ûnreplikesaakbelesting (ozb) wurdt jierliks mei maksimaal de CPI (nasjonale konsumintepriisyndeks ) yndeksearre.
Tsjinfallers yn de begrutting fange wy op mei besunigings op gemeentlike taken en effisjinsjemaatregels. Pas as dizze maatregels net foldwaande blike, sjogge wy nei in ferheging fan de lokale lêsten.

17 PARTNERSCHAP OM DOELSTELLINGEN TE BEREIKEN
16 VREDE, JUSTITIE EN STERKE PUBLIEKE DIENSTEN

## Punten andere partijen

Dit coalitieakkoord is geschreven door vier partijen. Deze partijen vinden een goede verbinding met de andere vier partijen in de raad essentieel. Zij hebben de formateur gevraagd in gesprek te gaan met deze partijen, zodat zij punten konden inbrengen voor de formatie. Hiermee werd het advies gevolgd van de informateur, de heer Theunis Piersma.

Alle vier niet-coalitiepartijen hebben punten ingebracht. Aan het grootste deel van de punten wordt aandacht besteed in dit coalitieakkoord. Dat is vaak niet diepgaand, maar dat is een kenmerk van een hoofdlijnenakkoord. Hieronder volgt een overzicht van de ingebrachte punten:

*Wonen*

- Woningbouw in alle dorpen;
- Denk aan een creatieve invulling van woningbouwprojecten en wees daarin sturend aan de hand van de gemeentelijke woonvisie;
- Formuleer een heldere visie (wat voor gemeente willen wij zijn), met concrete doelen en voer die uit;
- Invloed van de gemeenteraad aan de voorkant van het proces.

*Voorzieningen*

- Stel een integrale visie op voor voorzieningen voor de hele gemeente (sport, cultuur, ontmoeting e.d.);
- Maak een masterplan voor Gorredijk (met initiatiefnemers).

*Ondernemend Opsterland*

- Ondernemers stimuleren en faciliteren: adequate dienstverlening met een vast aanspreekpunt op het gemeentehuis;
- Invulling geven aan 3xO (Overheid, Onderwijs, Ondernemers).

## Punten oare partijen

Dit koälysje-akkoart is skreaun troch fjouwer partijen. Dizze partijen fine in goede ferbining mei de oare fjouwer partijen yn de ried essinsjeel. Sy hawwe de formateur frege om yn petear te gean mei dizze partijen, sadat sy punten ynbringe koene foar de formaasje. Hjirmei waard it advys folge fan de ynformateur , de hear Theunis Piersma.

Alle fjouwer net-koälysjepartijen hawwe punten ynbrocht. Oan it grutste part fan de punten wurdt omtinken jûn yn dit koälysje-akkoart. Dat is faak net djipgeand, mar dat is in skaaimerk fan in haadlineakkoart. Hjirûnder folget in oersjoch fan de ynbrochte punten:

*Wenje*

- Wenningbou yn alle doarpen;
- Tink oan in kreative ynfolling fan wenningbouprojekten en wês dêryn stjoerend oan de hân fan de gemeentlike wenfyzje;
- Formuleer in heldere fyzje (wat foar gemeente wolle wy wêze ), mei konkrete doelen en foer dy út;
- Ynfloed fan de gemeenteried oan de foarkant fan it proses.

*Foarsjennings*

- Stel in yntegrale fyzje op foar foarsjennings foar de hiele gemeente (sport, kultuer, moeting, ensfh.);
- Meitsje in masterplan foar De Gordyk (mei inisjatyfnimmers).

*Undernimmend Opsterlân*

- Undernimmers stimulearje en fasilitearje: adekwate tsjinstferliening mei in fêst oansprekpunt op it gemeentehûs;
- Ynfolling jaan oan 3xO (Overheid, Onderwijs, Ondernemers).

*Burgerinitiatieven*

- Vooraf heldere kaders meegeven vanuit de gemeentelijke visie;
- Gemeenteraad tijdig betrekken.

*Visie op groene ruimte/buitengebied*

- Integrale planvorming (balans tussen natuur en landbouw, water, klimaat, biodiversiteit);
- Biedt de agrarische sector perspectief.

*Energie*

- Maak werk van energieneutraal – haalbaar en betaalbaar met draagvlak.

*Boargerinisjativen*

- Foarôf heldere ramten meijaan út de gemeentlike fyzje wei;
- Gemeenteried yntiids belûke.

*Fisy op griene romte / bûtengebiet*

- Yntegrale planfoarming (balâns tusken natuer en lânbou, wetter, klimaat, biodiversiteit );
- Biedt de agraryske sektor perspektyf.

*Enerzjy*

- Meitsje wurk fan enerzjyneutraal - helber en betelber mei draachflak.

# Portefeuilleverdeling

**Burgemeester Van Selm**

- Burgerzaken
- Communicatiebeleid
- Coördinatie bestuur en beleid
- Democratie en bestuur
- Deregulering
- Handhaving
- Integriteit
- Intergemeentelijke samenwerking en P10
- Internationale zaken
- Juridische zaken
- Openbare orde en veiligheid
- Relatiebeheer

**Wethouder Postma (Opsterlands Belang)**

- Economische zaken
- Monumentenbeleid
- Organisatieontwikkeling
- Personeel en organisatie
- Project IKC Beetsterzwaag
- Project Kortezwaag
- Project MFA Tynje
- Regiodeal
- Ruimtelijke ordening (incl. Omgevingswet)
- Vergunningverlening & toezicht
- Wonen

**Wethouder Durksz (FNP)**

- Accommodatiebeleid (incl. sportaccommodaties)
- Beheer openbare ruimte
- Dorpenbeleid
- Duurzaam landschap/ Natuur
- Duurzaamheid/ Energietransitie
- Fries taalbeleid
- Grondbeleid, grondexploitatie en uitgifte bouwkavels
- Inwonerbetrokkenheid
- Landbouw (incl. stikstofdossier)
- Verkeer en vervoer
- Water

**Wethouder De Vries (PvdA)**

- Cultuur
- Gezondheidszorg
- Jeugd- en jongerenbeleid
- Kinderopvang, peuterspeelzalen en VVE
- Onderwijsbeleid
- Participatiewet
- Project De Skâns
- Sportbeleid
- Welzijn (Wmo)

**Wethouder Jonkman (ChristenUnie)**

- Bedrijfsvoering
- Europa
- Financiën
- Gemeentelijke eigendommen
- Inkoop & aanbesteding
- Milieu (incl. afval)
- Onderwijshuisvesting
- Publieke dienstverlening en digitalisering
- Recreatie & toerisme

## Portefeuilleferdieling

**Boargemaster Van Selm**

- Boargersaken
- Demokrasy en bestjoer
- Deregulearring
- Hanthavening
- Iepenbiere oarder en feilichheid
- Juridyske saken
- Kommunikaasjebelied
- Koordinaasje bestjoer en belied
- Relaasjebehear Yntegriteit
- Yntergemeentlike gearwurking en P10
- Ynternasjionale saken

**Wethâlder Postma (Opsterlands Belang)**

- Ekonomyske saken
- Fergunningferliening en tafersjoch
- Monumintebelied
- Organisaasjeûntwikkeling
- Personiel en organisaasje
- Projekt IKC Beetstersweach
- Projekt Koartsweagen
- Projekt MFA Tynje
- Regiodeal
- Romtlike oardering (ynkl. Omjouwingswet )
- Wenjen

**Wethâlder Durksz (FNP)**

- Akkommodaasjebelied (ynkl. sportakkommodaasjes)
- Behear iepenbiere romte
- Doarpebelied
- Duorsum lânskip/ Natuer
- Duorsumens/ Enerzjytransysje
- Ferkear en ferfier
- Frysk taalbelied
- Grûnbelied, grûneksploitaasje en útjefte boukavels
- Lânbou (ynkl. stikstofdossier)
- Wetter
- Ynwennerbelutsenens

**Wethâlder De Vries (PvdA)**

- Berne-opfang, pjutteboarters-plakken en VVE
- Jeugd- en jongereinbelied
- Kultuer
- Onderwiisbelied
- Partisipaasjewet
- Projekt De Skâns
- Sportbelied
- Sûnenssoarch
- Wolwêzen (Wmo)

**Wethâlder Jonkman (ChristenUnie)**

- Bedriuwsfiering
- Europa
- Finânsjes
- Gemeentlike eigendommen
- Miljeu (ynkl. ôffal)
- Publike tsjinstferliening en digitalisearring
- Rekreaasje & toerisme
- Underwiishúsfêsting
- Ynkeap & oanbesteging

## Sustainable Development Goals

In 2015 heeft de VN 17 ambitieuze doelen voor duurzame ontwikkeling vastgesteld. Deze Global Goals for Sustainable Development (SDG’s) werden unaniem geadopteerd door alle lidstaten en vormen voor de periode tot 2030 een belangrijke gezamenlijke agenda. De gemeente Opsterland heeft zich hierbij aangesloten in 2019. In dit coalitieakkoord staan bij alle hoofdstukken een of meer van onderstaande SDG’s.
Meer informatie staat op [www.sdgnederland.nl](http://www.sdgnederland.nl).

## Sustainable Development Goals

Yn 2015 hat de VN 17 ambisjeuze doelen foar duorsume ûntwikkeling fêststeld. Dizze Global Goals for Sustainable Development (SDG ’s) waarden unanym adoptearre troch alle lidsteaten en foarmje foar de perioade oant 2030 in wichtige mienskiplike aginda. De gemeente Opsterlân hat him hjirby oansletten yn 2019. Yn dit koälysje-akkoart stean by alle haadstikken ien of mear fan ûndersteande SDG's.
Mear ynformaasje stiet op [www.sdgnederland.nl](http://www.sdgnederland.nl).

